

# ALG It Skriuwersboun 12 novimber 2020

Oanwêzich: Ammerins Moss-de Boer, Willem Verf, Pier Boorsma, Nyk de Vries, Tryntsje van der Veer, Simon Oosting, Lida Dijkstra, Pieter de Groot, Jelle Bangma, Koos Tiemersma, Baukje Zijlstra,

Bestjoer *It Skriuwersboun*: Geart Tigchelaar, André Looijenga, Trevor Scarse (ferslach).

## 1. Iepening troch de foarsitter

De gearkomste wurdt om 19:35 oere troch ynterim-foarsitter Geart Tigchelaar iepene. Geart hjit elk wolkom op de earste digitale ALG. Der komt noch punt by op de wurklist, in in memoriam foar twa leden dy't dit jier ferstoarn binne: Mindert Wijnstra en Josse de Haan.

## 2. Te besprekken:

### a. Ferslach ALG fan 20 desimber 2019

Willem: it jubileumboek soe brûkt wurde as ûndersteuning foar it Fryske ûnderwiis, is dat noch dien?

Baukje: fanwege de lockdown binne der allegearre saken yn it wetter fallen, sa ek it opsetten fan dit.

Baukje sil de útjouwer Jitske Kingma even freegje oft dat wer oppakt wurde kin.

Willem: as der noch boeken binne, kinne we dy ek wol opstjoere.

Tryntsje van der Veer en André Looijenga: yn Oentsjerk stean noch wol in pear doazen mei boeken.

Baukje: is ek in taak fan de útjouwer Jitske. Ik hear wol even hoe en wat.

Willem: de histoarje fan Boeken fan Fryslân stiet net hielendal goed yn it ferslach. Earst wie der de stifting It Fryske Boek dat ûnder oare de boekewike en sutelaksjes organisearre. De taken fan de stifting binne yn 2010 foar in grut part oernaam troch Tresoar, wylst Boeken fan Fryslân opsetten waard om de promosjonele aktiviteiten oer te nimmen. Spitigernôch is Boeken fan Fryslân ferwurden ta in ôfdieling fan de Afûk wylst dat breder opsetten wurde moat, it leafst yn in ûnôfhinklike stifting.

Fierders goedkard.

### b. Jieroersjoch 2019-2020

Geart giet in pear punten fan it jieroersjoch del en ljochtet dy ta.

Lida: op 14 maaie ha jimme in petear hân mei Ernst Bruinsma oangeande de Fryske Boekewike. Wat ha jimme allegearre besprutsen?

Trevor: wy ha de plannen foar de Moanne fan it Fryske Boek besprutsen fan it oankommende jier.

Dat sil deselde opset wêze as dit jier, ek al gong dêr de measte aktiviteiten net fan troch. Dat meardere auteurs wurde frege om aktiviteiten op te setten dy't sy sels ynfolle meie.

Fierders hie Ernst ús frege oft wy in foarkar hiene foar in orizjineel Frysk boekewikegesink of graach hiene dat it Nederlânske boekewikegesink oersetten wurde soe. Der moast in kar makke wurde fanwege de beheinde finansjele middels. Wy ha doe ús foarkar útsprutsen foar orizjineel Frysk wurk. En dêr is Hilda Talsma foar frege.

Fierders hiene wy in tip krigen fan Hanneke de Jong om Ernst te freegjen oft Boeken fan Fryslân ek in oansprekpunt wurde kin foar ynstellings, lykas skoallen, as dy ferlet ha fan skriuwers of dichters foar eveneminten. Dat fûn Ernst ek in goed idee.

Lida: foar de Nederlânske literatuer is dêr al sa'n platform, de Schrijverscentrale, foar. Fia dy webside kinne skriuwers ynhiert wurde en ek subsydje foar soks oanfrege wurde.

Willem: Stifting It Fryske Boek joech yn it ferline ek boekjes út mei nammen fan skriuwers en dichters.

Baukje: as oanfolling op it boppesteande ferhaal, wol ik fermelde dat der yn alle gefallen kommandier wer in oersetting komt fan it Nederlânske boekewikegeskink neist it orizjinele wurk fan Hilda Talsma.

Willem: Sjoch dat jim oerlis hân ha oer it produktplan. Is dat plan al oannaam troch de Provinsje?  
Trevor: op it stuit wurdt it behannele troch subsydzjesaken en dy komme noch mei oanbefelingen. It produktplan is dochs noch net fêststeld.

- *City of Literature*

Geart: it SKB sit yn de klankboerdgroep fan City of Literature. Ernst Bruinsma is saaklik lieder en Marleen Nagtegaal is artistyk lieder. Op it stuit binne in soad plannen noch net útwurke. Wy soene taljochting krije oer de plannen yn in gearkomste fan de klankboerdgroep op 22 oktober mar dy is troch koroana net trochgien.

- *Kultuernota*

Geart: wy ha as bestjoer oerlis hân mei Deputearre Sietske Poepjes en de ferantwurdlike amtners foar it taal/literatuerbelied Ineke Rienks en Esther Rodenhuis. Op 18 juny frege nei berjochten dat City of Literature hast in miljoen euro út it taalbelied tawiisd wie. Poepjes sei dat der gjin wizigings yn it provinsjale belied wie mar dat bepaalde saken brûkt wiene om Ljouwert foarop te krijen yn de race foar de titel.

Fierders soe der yn de simmer in moasje yntsjinne wurde troch de FNP dêr't in neiere taljochting fan de sinteraasje fan CoL oan tahekke wurde soe. Dy moasje is spitigernôch net oannaam dat der moast noch in amtlike brief skreaun wurde yn stee fan de finansjele taljochting. Dy ha wy noch net ynkrigen, dat wy sille dêr efteroan.

Fierders ha wy op 18 juny frege nei de opmerking yn de kultuernota dat der 'te min fernijing yn de Fryske literatuer' wêze soe. Se ha ekskús oanbean foar it 'knoffelige taalgebrûk' fan de nota, sy doelden op dat der mear fernijing komme moat hoe't de Fryske literatuer op it poadium brocht wurdt. Dêr soene we faaks wat mear oer neitinke, al binne wy as skriuwers en dichters ferantwurdlik foar de produksje en net sa sear hoe't it op de planken brocht wurde kin.

Yn ús oerlizen mei de Provinsje ha wy it ek hân oer de subsydzjes dy't beskikber binne foar literatuer. Op it stuit wurde de potsjes foar skriuwers en oersetters net maksimaal benutte, dat dêr kin mear omtinken en ruchtberheid oan jaan wurden.

De Provinsje soe in brief oan ús skriuwe oangeande de ferfolchstappen op ús petearen mar dy is noch net binnen. Wy sille ek dêr efteroan.

Koos: weromkommend op dy opmerking oer 'fernijing', jimme hiene it oer poadium mar wat bedoele jim dêr mei?

Geart: de nota is rjochte op it op it poadium krijen fan de keunsten en dêr fine se dat de Fryske letteren te min fernijing bringt om dat foarinoar te krijen. Se wolle dat der mear dien wurdt mei multymedia en de oanklaaiing yn de moderne tiid. Us krytyk dêrop is dat wy oan de produksjekant sitte en minder direkt te krijen ha mei it poadium.

André: de Provinsje is somtiden ek in lestige partner om mei te wurkjen, se harkje oandachtich mar gean faak mei har eigen fokus fierder. Der binne ek te faak nije gesichten te sjen.

Willem: der wurdt yndie in soad skoot op de posten, sadat it belied 'fris' bliuwt. Mar mei it each op de Fryske literatuer, ha we immen nedich dy't der doel oer hat en lang sitten bliuwt om ien line te lûken, idealiter basearre op in echte fisjy.

Koos: sa'n multimediale oanpak is goed te yntegrearjen yn festivals mar dat is net ús taak.

Geart: dat fine wy ek. Ik wit dat City of Literature in literêr festival opsette wol, spesifyk rjochte op minderheidstalen, en dêr kinne wy wol goed oer meitinke en oan meidwaan. Wy ha fierders ek kontakt mei Explore the North dy't in soad docht mei multimedia en crossovers en dêr wolle wy de Fryske literatuer ek better ynskowe.

Koos: we moatte der wol op lette dat de Fryske literatuer allinne mar yn in hoekje oanwêzich is op sokke festivals.

Geart: Yndie, dêr sille wy ek op lette by City of Literature.

Tryntsje: net ferjitte dat RIXT ek kontakt hat mei de Provinsje. Soe it net better wêze om mei-inoar op te lûken op dizze mêden? No ha RIXT en SKB apart oerlis hân mei de Provinsje oer deselde saken op deselde dei.

Geart: It SKB en RIXT ha yn augustus oerlis mei-inoar hân op it skriuwersarkje mar dat kin yndie wol faker barre. Moatte fansels net by inoar del wurkje nei itselde doel.

Pieter: ik ha hjoed yn de krante lêzen dat Poetry Circle in workshop hâlde soe ûnder de paraplu fan Explore the North. Dêr wurdt net oer it Frysk praten mar der komt in workshop begjin takom jier. Ha jim dêr noch wat fan meikrigen?

Geart: dat hie ik sels wol fan heard mar net echt betocht dat it SKB en/of RIXT dêr wat mei dwaan kinne soe. Dêr kinne wy as bestjoer wol wat mear oan dwaan, ek om jongere dichters en skriuwers te stypjen yn it Frysk te skriuwen.

### c. Produktplan 2021

André: jim ha de konseptferzje tastjoerd krigen dy't wy foarlein ha oan de amtners fan de Provinsje. Wy binne útgien fan it produktplan dat wy makke ha foar 2020. Der sitte foar in grut part deselde produkten mar we ha wol guon produkten wat mear jild tadield. Wy ha yn totaal ek mear subsidzje oanfrege, ek om't it beskikbere maksimum wat heger is.

In nij produkt dat yn it plan sit is Transpoesie. Wy ha de ôfrûne trije jier dichters meidwaan litten oan dit ynternasjonale dichtersfestival en dat wolle wy trochsette. Fierders noch jild oanfrege foar de nije webside en de ferhalewedstriid dy't wy nij libben ynblaze wolle.

Willem: op de foargeande ALG ha wy it hân oer in aparte wurkgroep foar promoasje. Dat komt net werom yn it produktplan wylst it idee wol entûsjast ûntfongen waard troch de leden.

Geart: Goed punt, Willem. Dat ha wy oer de holle sjoen. It plan is noch net definityf, dat wy soene it sels al yn dit produktplan sette kinne.

Willem: ik ha in fraach oer de begrutting. Yn de begrutting stiet dat der 385 euro út de reserve weihelle wurdt, mar wat sit der noch yn de pot? Ik nim oan dat dat bedrach út de reserves helle is om de begrutting slutend te meitsjen.

André: Nee, dat is it ferskil tusken de begrutte kosten en ynkomsten. Dat stiet by de útjeften, dat dit bedrach komt op de bankrekken fan it SKB te stean.

Willem: de reserves groeit dus mei dat bedrach, mar wat stiet der op de bankrekken?

André: it saldo op ús bankrekken is behoarlik. It SKB hat in moaie reserve.

Willem: dat is moai nijs foar in begjinnend bestjoerslid.

#### d. Kaskommisje

André: Alle jierren moat der in kaskommisje wêze dy't it wurk fan de ponghâlder kontrolearret. Der moat foar dit jier noch in kommisje oansteld wurde dy't bestean moat út twa leden. Dy moatte keazen wurden op in ALG. Fraach oan dizze ALG is wa't sit nimme wol yn de kommisje foar it jier 2020. Dy moat op de folgjende ALG definityf oansteld wurde.

Tryntsje: kinne wy Syds Wiersma en Meindert Reitsma net freegje om oan te bliuwen?

Koos: it systeem wie altyd dat der ien yn giet en ien der út.

Tryntsje: okee, we kinne dan freegje oft ien fan de twa sitten bliuwe wol.

Simon Oosting: as it online kin, dan wol ik der wol sit yn nimme. Is dat mooglik?

André: Dat soe mooglik wêze kinne, al moat der wol ien wêze dy't de bontsjen en oare fysike dokuminten kontrolearret.

Gear: dat moat te regeljen wêze. André, nimstû kontakt op mei Sýds en Meindert wa't sitten bliuwt?

André: is goed.

#### e. Nije webstee

Trevor: Wy as bestjoer ha besletten om in nije website meitsje te litten. De hjoeddeistige webside bestiet mar út ien webpagina en dêrtroch wurdt dy hieltiten trager om up te daten.

De nije website wurdt makke troch Marc Kooij dy't ûnder oaren de site fan RIXT en Ensafh makke hat. Op de nije site komme der aparte kopkes dêr't wy aparte berjochten op pleatse kinne, en dy kinne ek ûnder mearder rubriken pleatst wurde. Op it stuit ha wy keazen foar de folgjende kopkes: nijs, rispinge fan nije boeken, aktiviteiten fan it SKB, Oesdrip, Frysk Skriuwe, Jubileumboek, Oer it Boun. De pagina foar Frysk Skriuwe moat noch ferbettere wurde, dat as minsken noch ideeën dêr foar ha lit mar witte.

Ek wurdt de aginda fan de website better, mei in echte kalinder dêr't de aktiviteiten op oanjûn wurde. Op de hjoeddeistige site moat dat noch hânmjittich feroare wurde, op de nije site giet dat automatysk.

Wat noch wol oars moat, is de hiemside. Op it stuit is dat allinne in oersjoch fan de berjochten mar dêrtroch liket it hast itselde as de Nijs-side. Dêr moat noch in statyske pagina fan makke wurde. Op it stuit witte wy noch net hoe't dat der útsjen moat op in 'wurd lid'-knop nei.

Lida: no hiene wy de tip oan Boeken fan Fryslân jûn om in podium te bieden dêr't skoallen, musea en oare ynstellings Fryske skriuwers en dichters fine kinne om yn te hieren foar eveneminten. Soene wy dat ek net op ús website sette kinne?

Ammerins: Dat is bygelyks in moaie opdracht foar in Wurkgroep Promoasje.

Lida: in goed foarbyld om te folgjen is de Schrijverscentrale.

Tryntsje: dan moat elk it wol goed fine om op dy pagina te stean.

Lida: elk dy't ynhierd wurde wol foar sokke eveneminten kinne meidwaan, wurdst net ferplichte nim ik oan. Ik wol wol meitinke as dat nedich is.

Tryntsje: soene wy dêr dan ek in koppeling by op goaie kinne, dat minsken digitaal prate kinne mei skriuwers en dichters?

Ammerins: dat is mooglik. Ut myn wurk wei ha ik ek faak "speeddates", dêr't je in Zoom-gearkomste ha en dêr binnen yn ien-op-ien petearen hast tusken erfaren en begjinnende oersetters.

Simon: wy soene foar dit ek oanklopje moatte by RIXT omdat dy ek as platform oanfragen kriget foar optredens. RIXT spilet dy dan troch oan de dielnimmende dichters. Dy ha dus wol in protte ûnderfining mei sokke saken.

Tryntsje: wurdt de nije webside sa makke dat in oaren ien it oernimme kin?

Trevor: de website wurdt makke mei Wordpress, dat in algemiene standert is foar in soad (selsmakke) websites. Wy kinne der sels artikels op sette en sa nedich de website oanpasse.

André: wy kinne dus ek in oare ûntwerper ynskeakelje as Marc útfalle soe?

Trevor: ja. De webstee bliuwt op ús eigen webhosting en elkenien dy't mei Wordpress oerwei kin, kin de hiele site oanpasse.

Willem: in lyts dinkje, op de website stiet Oer it Bûn – dat de korrekte stavering is – yn stee fan Oer it Boun. Is dat in opsetsje nei in nammewizing?

Geart: it Friesch Dagblad is ek noch mei -sch dat soks hoecht net perfoarst feroare te wurden mar ik tink dat dit in puntsje is foar it nije bestjoer.

### **Ynterim: in memoriam**

André fertelt wat oer Mindert Wijnstra dy't ein septimber ferstoarn is. Lida heakket her eigen ûnderfinings mei Minder Wijnstra der oan ta.

Geart fertelt wat oer Josse de Haan dy't ein oktober ferstoarn is. Tryntsje en Pieter folle dit oan mei har eigen ûnderfinings mei Josse.

### **3. Bestjoer It Skriuwersboun**

Geart Tigchelaar giet út it bestjoer nei't er dit jier de funksje fan foarsitter fan Tryntsje oernaam hat. Lokkigernôch wol der immen it stokje oernimme. Fierders rint syn termyn ôf dat hy bliuwt ek net oan as algemien bestjoerslid. André Looijenga (ponghâlder) en Trevor Scarse (sekretaris) bliuwe op harren posten.

Pier Boorsma hie moeite om yn de Zoom-gearkomste te kommen, dat André bellet him op en hâldt de tillefoan by de mikrofoan. Pier Boorsma, Willem Verf en Ammerins Moss-de Boer stelle har foar en jouwe oan wêr't sy harren foar ynsette wolle.

Willem:

- Promoasje fan de Fryske literatuer
- Better taalbelied by de Provinsje
- Ynternasjonale publikaasjeproses fan oersettings

Pier:

- Oanwêzigens fan it Frysk by City of Literature
- Skriuwersfeest

Ammerins:

- Rol fan skriuwers en dichters yn de ûntwikkeling fan it Frysk
- Sichtberens fan it Frysk

Geart freget de leden oft sy noch fragen ha.

Tryntsje: bin der genôch leden om it kworum te heljen? Moatte oars de leden ek de kâns jaan om beswier oan te tekenjen.

Geart: Yn it ferline hat soks net echt spile mei it oanstellen fan nije bestjoersleden. Fierders ha wy de kandidaten fantefoaren bekend makke, dat men hat de mooglikheid hân om beswieren bekend te meitsjen

Pieter: wat wy ek dwaan kinne is om de gearkomste no te sluten en dan drest in nijen te iepenjen.  
Koos: dat liket my ek wol in goed idee ta.

De rest is it dêr ek mei iens, dat Geart slút de rinnende gearkomste en hjit elk wolkom ta de twadde digitale ALG fan it SKB.

Elk lid stimt foar, dat de kandidaat-bestjoersleden binne no ynhammere as bestjoersleden. Geart bliuwt oan as foarsitter oant 1 jannewaris wannear't Willem syn taken oernimt.

#### **4. Wurkgroepen**

André: der steane op it stuit trije wurkgroepen yn it produktplan, foar toaniel, oersetters en proaza. De oersetterswurkgroep hat him benammen rjochte op it oersetten fan boeken. De wurkgroep Toaniel hat in pear workshops en in pear oare saken organisearre. De tredde wurkgroep is dy fan Proaza.

Fraach oan de leden is oft dizze trije wurkgroepen foldogge oan de noeden fan ús leden of dat der ek ien fan dy trije ferfongen wurde kin troch in Wurkgroep Promoasje?

Willem: ik tink dat der al genôch ynstânsjes binne dy't wurk meitsje fan de doelstellings fan de Wurkgroep Proaza. Ek soe ik sizze dat de Wurkgroep Oersetters har mear rochtsje moatte soenen op hoe't it Frysk presintearre wurdt nei it bûtenlân ta en it makliker meitsjen fan oersettings út it Frysk wei te publisearjen yn it bûtenlân.

Tryntsje: moatte we de berneboeken ek better op de kaart sette?

Lida: der is noch altyd in wurkgroep berneboekepraat aktyf mei skriuwers en útjouwers op dat mêd. As berneboekeambassadeur ha ik in soad optredens jûn, op skoallen mar ek by in ortodontist. Fierders ha ik de lêskoffers yntrodusearre; sa'n 40 skoallen ha in koffer mei allegearre Fryske berneboeken besteld. Sjoch ek op <https://berneboekeambassadeur.frl/> foar mear ynformaasje. It is in tige ynteressante funksje dy't in goede yndruk jout fan hoe't it Frysk op basisskoallen brocht en besjoen wurdt. As ambassadeur berikst net allinne de bern mar ek de dosinten sels dy't faaks wat ôfhâldend wêze kinne.

Wat in pinepunt is dat Fryske skriuwers te min berikken binne foar minsken, skoallen, ensfh. dy't harren graach útnûgje wolle. Dêr moat in goed oansprekpunt foar komme.

Geart: dat liket my ek, ek op ús nije webside. It is in goed idee om as bestjoer de rol fan de wurkgroepen even tsjin it ljocht te hâlden.

Pieter: ik ha de site fan Lida besjoen, kin der ek in link op de website fan it SKB komme? Ik mis eins in kopke links dêr't je nei sokke moaie websiden ferwize kinne.

André: goede, aktuele links nei wichtige oare punten yn it Fryske literêre lânskip, lykas Lida en RIXT. Goed dat de website in middel is foar minsken om dêr mei yn kontakt te kommen.

Skoft om 21.16 oere oant 21.30.

## **Optreden Nyk de Vries en Laudatio Durk van der Ploeg**

Nyk de Vries fertelt oer hoe't Durk van der Ploeg altyd oanwêzich west hat yn syn libben en skriuwersbestean. Nyk is hikke en tein yn Noardburgum dêr't Durk van der Ploeg ek wennet, en Durk wie bekend mei Nyk syn heit, in generaasjegenoot. Fierders lêst Nyk foar út eigen wurk en in stik út *De lêste floed* fan Durk van der Ploeg.

Geart en Trevor hawwe de moarns nei Durk van der Ploeg ta west om de oarkonde te oerhandigjen en Geart hat in laudatio útsprutsen. De oarkonde wie makke troch Lolkje van der Kooi en Durk, sels ek ûntwerper, koe har wurk tige wurdearje. In fideo wurdt sjen litten fan de moeting en de laudatio.

Dêrnei giet Nyk fierder mei it fertellen fan ferhalen oer Durk en draacht noch ien gedicht foar.

## **Omfreegjen**

André: Tryntsje hat my noch even yn it sin brocht, dat wy it EBLT dêr't wy as SKB lid fan binne noch neame moatte. By dizze.

Ammerins en Willem tankje Geart foar syn foarsitterskip.

Koos en Pieter tankje Geart foar de moaie speech oer Durk van der Ploeg.

## **Sluting**

22.08

## **Aksjepunten**

- fia de klankboerdgroep en oare kanalen City of Literature yn de gaten hâlde
- Provinsje moat noch in taljochting jaan op de finânsjes fan City of Literature
- moatte noch fan de Provinsje te hearren krije wat se dien ha nei oanlieding fan ús rekommandaasjes foar har taal- en subsydzjebelied
- bettere gearwurking mei RIXT en oare partijen op it kulturele mêd
- opsetten fan in Wurkgroep Promoasje
- kaskommisje oanstelle foar it jier 2019 en 2020
- de webside ek brûke as platfoarm foar de dichters en skriuwers en trochferwize nei oare nijsgjirrige sites